

# Goeie Elmar, hoi Tsead

47



TSEAD BRUINJA  
FOTO REYER BOXEM

Yn febrewaris ferskynde de dichtbondel *Hertbyt*, it debút fan Elmar Kuiper. Yn *de Moanne* sil de jonge dichter brieven oer dizze poëzij útwikselje mei de dichter Tsead Bruinja.

WY ROPPE DE LONGEN UT IT LIIF

Wat ús hjir ropt?

in toendrabear  
in steppewolf  
in savanneliuw

(in hart, in antilope en in gazelle trêdzje út de aorta wei)

Us noas rûkt wyld.

Leafst fyn snijd  
ha wy ús fleis.

(wy priuwe ús keuringstsjinst fan Waar efter in sletten doar)

Wy fiele de kwaliteitsklauwen fan in bloedbear  
Wy fiele de kwaliteitstosken fan in leverwolf  
Wy fiele de kwaliteitskaken fan in hertliuw

DE LONGEN UT IT LIIF ROPP US

Us slachtet wy  
mei smaak  
ôf.

De werhelling fan fragen en sinstruktueren ha hjir in dúdlike funksje: do behellest en belúkst dêrmei de lêzer by it fers. Hoe belangryk is dy skynbere dialooch foar dy en wat wolst dêrmei berikke? Trochdat it licht absurde fragen binne, bleau ik mei noch mear fragen sitten en krige ik ek it gefoel dat ik tsjûge wie fan it skriuwproses. It like as krige ik in antwurd op in fraach dy't ik mysels noait steld hie, as wie ik blyn nei in plak ta laat en dêrnei ferlitten om it sels mar fierder út te sykjen. Is dat in plak dêrst my ha wolst? Wolst my pleagje of is it út respekt foar de netbestande wierheid datst gjin streekrjochte les of boadskip yn dyn wurk stappast? Wat is pleagje eins? In kompliment? Dogge fûgels en

Goeie Elmar,

Gefelisiteard mei dyn bondel! Yn de kommende tiid sil ik dy in stik of fjouwer brieven skriuwe wêryn't ik tichter by dyn wurk besykje te kommen. Ik hoopje datst fan myn besykjen dúnsgje moast as in lyts jonkje dat noadich moat.

Foar't ik djipper yn dyn wurk dûk, woe ik dy in pear algemiene fragen stelle, sa't ik dêr yn lettere brieven en by it lêzen fan 'Hertbyt' op weromfalle kin. Wat soe yn it nije wurdboek komme moatte te stean ûnder it lemma 'hertbyt'? En wat soe yn in literêre ensyklopedy ûnder dat nije wurd en dyn namme komme? Sjochst dysels yn in tradysje en hat dy allinnich mei de literatuer te krijen of is de ynfloed fan dyn wurk as byldzjend keunstner ek yn dyn dichtkeunst werom te finen? At ik sjoch nei dyn bylden soe ik sizze fan ja, mar ik wol it út de bek fan it hynder sels fernimme.

De titel fan it earste skift makket yndruk. At ik it net mis ha is de betsjutting fan 'Slachpinne' op syn minst trijeliddich. It byld slút oan by it stevige fûgelmotyf yn de bondel, de slachpinne as stipe fan de wjukken, mar it ferwiist ek nei it puntige foarwerp dat de kûgel de opdoffer jout om op 'en paad en moardzje, in ûnderwerp dat weromkomt yn it fers oer in skot. As lêste laach fan betsjutting soe ik neame wolle it dichtsjen sels. In slachpinne is in pinne dy't slacht, dy't it ritme oanjout. Dêrmei kom ik op it ritmyske aspekt dêr't dyn wurk sterk op linet. Wat driuwt dy mear: de muzyk of it idee, de klank of de betsjutting. Is it idee der by dy fan taferearen of listet dy ferbiusterie troch wat de bylden

moatten. Ik seach yn dit fers de tsjinstelling tusken it lichem, tichterby kin it net, en de eksoatyske bisten fan fierd. Ik fernaam hoesto dy yngrediïnten ferbynst mei bylden út ús oerdreaune sivilisearre mienskip dy't alles besiket te kontrolearjen. Ik fret ek sawat neat dat oer datum is. Elmar do litst dyn wylde bisten oan my foarby stowe en dêrnei litst se har tosken en klauwen yn my sette. Do litst my de lea op 'e nij fiele en ik sjoch hoe't myn langstmen myn wêzen oan- en opfrette kinne. Ik twifelje tusken dy te brânmerkjen as in nije moralist en dy te tankjen foar it bloed op myn tosken en ûnder myn neils. Foarlopich kies ik foar it lêste.




ELMAR KUIPER  
FOTO REYER BOXEM

Hoi Tsead,

Do baarnst der fuortendaliks yn mei in hânfol pittige fragen. Do skriuwst datsto 'besikest tichter by myn wurk te kommen'. Hoe ticht Tsead? Springst my op 'e hûd en easkest it folsleine ynsjoch yn myn healwize holle? Fretst my mei hûd en hier op? Doch dyn bêst! Ik sparje mysels yn alle gefallen net...

Wat der yn it nije wurdboek stean moatte soe ûnder it lemma hertbyt? Dat moat dan wol in absurd wurdboek wêze blikstienders! Soks as; 'tramtraasje nei it rinnen fan in blautsje' of 'libbenslijer mei passypine' soe der stean kinne. Ik kin hjir gjin inkel wurd foar betinke. En yn in literêre ensyklopedy? Al slachst my dea, ik ha gjin flau idee. Mei it ek in medyske ensyklopedy wêze? Dan wit ik it wol; 'sioletastân fan in heechsensitive libbenspasjint nei't er suster Eva djip yn 'e eagen sjoen hat'. Under 'Elmar' soe: 'taalsjûrch, wurdie

krúske al krigen, mar se fjouwerje my noch gysten yn 'e holle. Iksels ha harren hynsteklaver opfretten en de sprong oer de sleat weage om op in oar kampke lân in stikje grien foar mysels op te easkjen.

Muzyk hat de grutste ynfloed op myn wize fan dichtsjen. Ik hâld fan ienfâldige muzyk mei hechte struktueren, sterke melodynen en in djippe emosjonele laach. In soad fersen yn de bondel binne suver basearre op de bouprinsipes fan in popsong. Byldrike strofen, ferlikingen en metafoaren silst altyd weromfine kinne yn myn fersen. Ik ha in lichte toan fan sizzen, mar myn fersen binne spitigernôch net sa sjongsum, it rimet te min en somtiden slûpt der in dissonant yn in strofe.

Yn wurden sit muzyk. Wurden ha in klank dy't my yn mineur en majeure galmje yn 'e holle. Dat galmjen set ik om yn keunst. Foar my is in fers in cocktail fan sintúchlike sensaasjes en ferstanlike prakkesaasjes. Yn in goed fers moatte besiele mominten/fragminten sitte, ik moat ek neikomme kinne hoe't it rasjonele knyft tekear gien is. Oars hat it fers foar my gjin besteansrjocht. Dan is it earmbloedich en skaait it út nei kitsch.

Soms bin ik ferbjistere troch myn eigen byldfynsten. Dan stap ik as in grut bern yn it fers om. Wat my driuwt? It idee. Dat kin in banale ynjouwing wêze mar likegoed in filosofyske bespegeling op it libben. It mei ek folsleine nonsens wêze. Ik wol de taal libbener meitsje. In (skynbere) dialooch fiere helpt my al in ein op wei. Noegje ik de lêzer út? Yn dit fers? Ik wit it net, ik massearje him net mei wûnderoalje. Ik kreakje earder syn hollekeamer omreden dat ik fuortendaliks de hamfraach stel: 'Wat ús hjir ropt?'

Ik wol dy net pleagje Tsead. Fynst it ferfelend dat ik dy as in liedhûn nei in úthoeke bring? Och, it fers is ommers sa klear as de dei. Wy fermoardzje yn it abattoir it bist yn ússels. Of fermoardzje wy ús yllúzjes? Bedoel ik mei 'ús' de lêzer, de wrâldbefolking of inkeld myn ynterne ikken? It bliuwt foar my foarrest ek in riedsel.

'Wat is pleagje eins? In kompliment? Dogge fûgels en apen dat ek?'

Miskien is pleagje in mentaal spultsje. Ik fuorje dy mei myn ûnnoazelens, naivens, fernimstogens en dwylsin en lês as in oandachtich bern dyn reaksje op myn taalboarterij. Datsto de handoek opnommen hast om dat mentale spultsje mei my te spyljen, beskôgje ik as in grut kompliment. Trouwens, fûgels en apen pleagje net. In ljip mei aaien dy't hastich op 'e wjukken giet, ferrifelt in aaisiker noch wolris. Dy ljip hannellet wat de natoer him yn jout, dy aaisiker pleaget himsels mei de gedachte dat er dy aaien perfoarst fine moat.

Ik bin yndied in nije moralist. Hoe kin it ek oars at je opgroeie yn sa'n ferrekt kalvinistysk lân. Dat benearjende kontrolearjen fynst ek werom yn de bondel. Ik spylje 'masterke' en bring de holleberntsjes oersichtlik ûnder yn rychjes fan twa of trije. Der sit ek in poarsje koppigens en dôfhûdigens yn de bondel. In oerharrich bern of in bekstallich hynder lit him net teplak bringe!

# Goeie Elmar, hoi Tsead

47



TSEAD BRUINJA  
FOTO REYER BOXEM

Yn febrewaris ferskynde de dichtbondel *Hertbyt*, it debút fan Elmar Kuiper. Yn *de Moanne* skriuwe de dichter en Tsead Bruinja elkoar brieven oer dizze poëzij.

Bisto sels ek sa krekt at it oankomt op dyn langstmen?

Neffens my binne we tagelyk 'it jonkje' en 'de rôffûgel' út it fers wêrsto seist: 'Dy mûs hat my grut makke / seit in rôffûgel. // Dy mûs hat it libben jûn / seit in jonkje. // Foar de goede saak / seit in rôffûgel. // Foar de goede saak? / freget in jonkje.' Dit is net allinnich in prachtich staaltsje fan politike irony à la Swift oer de persoanlike moraal dy't altyd yn de bek fan de prater is, lykas skientme yn it each fan de 'beholder', mar ek in nuansearring fan wa't wy binne en hoe't wy ússels sjogge as ûnskuldich en ûnmachtich of op oare mominten as krekt en krêftich. Ik einigje dizze twadde brief mei de ein fan it skift 'Slachpinne':

## MINIKRISIS

It ûntbrekt in reager oan effisjinsje.  
Neam no it feit dat er himsels  
ta de nacht út yn bomiis blau hakt.

In tûke ein tinkt ekonomysk.  
Driuw fergees yn in minskewek  
lit har dei yn dei út fuorje.

Minikrisis op in wintermoarn:  
in ferroppe reager ferspille syn snaffel.  
Yn read wetter fersûpte kopswier in ein.

De twaspjalt tusken de 'snaffel' fan de ein en de kopswiere harsens die my tinken oan hoe't de holle en it hert faak brûkt wurde om it saneamde ferskil tusken ratio en emoasje út te byldzjen. Wat ik minder moai fyn is dat it de reager earne oan 'ûntbrekt', in konstruksje dy't it feit fersterket dat it no ien kear sa ferdield is yn de natoer, wylst de ein hjir 'tinkt' en sawat in bewustwêzen liket te hawwen. Binne einen safolle tûker as reagers? Is it kopswiere fan de ein te witen oan syn tinzen? Is de reager de suffert en oerlibbet de ein fanwege syn opportunistyske aard? Of hat de ein gelok hân doe't dy leffe of tûke genen him tabetroud waarden? Dyn jungle ront noch altyd fragen op. Ik soe der sawat de kroech fan ynfla...

A pestkop,

Ut de drokte fan de stêd en de kjeld fan de lette winter wei, bin ik de jungle fan *Hertbyt* ynstrûpt. Ik koe dêr dreech rêst fine, wol moard en deaslach, mar dat wie fan it soarte dat wy tolerearje en dêr't wy fan genietsje op National Geographic. In tiger set de toskan yn in antilope. Ik lies oer einen, reagers, liuwen en tigers, oer hokker bist hokker oar bist oerlibbet op basis fan harren talinten of brek dêroan. De wetten fan de natoer binne statysk, mar dyn beskriuwing derfan is mear as dynamysk. Ik fyn dyn bylden knap fûn mar mis bytiden in skriuwer dy't it subjekt lyk op 'e hûd sit. Hasto it algemiene noadich om dyn fersen net te sentiminteel wurde te litten of past it yn it strjitsje fan de moralist dy't fia de allegory ús in spiegel foarhâldt? Wêrom bliuwst op sa'n ôfstân fan dyn bisten en minsken? Yn de kommende skiften fan de bondel sil dat miskien oars wêze, mar ik wol dat lêzen stap foar stap aventoerje.

Do skreaust yn dyn foarige brief dat wy yn it abattoir it bist yn ússels fermoardzje. Neffens my is dat ûnmooglik. Ik tink dat we yn it laboratoarium fan de wil in nij bist oan it meitsjen binne en dat we út eangst foar it nije leafst bylden brûke dy't foar ús en op dat momint wat ûnminskliks ha. It bist yn ússels hongeret neffens my fral nei komfort en net nei jacht, mar ik bin benijd hoesto dêr oer tinkst. Wêr siket dyn lea en geast nei ast skriuwst? Nei 'kick' of nei rêst?

Yn in tiid fan klonen en politike clowns hasto it oer de evolúsjie oer 'hoe't in mûzebiter / út 'e boekebeam fleach // en



ELMAR KUIPER  
FOTO REYER BOXEM

Goejûn Tsead,

'Minikrisis' is - yn in fertichting fan betsjutting - in byldzjend kommentaar op de wrede aktualiteit. Ik ha it fers twa jier werom skreaun nei oanlieding fan de oanslaggen op it World Trade Center yn New York. Mar dat is even in sydsprong. Ik woe in tal fersen skriuwe dêr't ik as in soarte fan rampreporter sljochtweiinne ferslach die fan de rin fan de dingen. In stikmannich ha de bondel helle.

Ik ha ekonomyske begripen relatearre oan in ein en in reager. Dy fûgels stean symboal foar de mins yn it algemien en jildbelizzers yn it bysûnder, foar winners en losers, foar in trochdraaide en op 'e drift rekke maatskippij. Dy reager is net goed by de holle, brûkt syn ferstân net, reagearret ynstinktyf, wylst dy ein de kop derby hat, mar úteinlik fersûpt yn grutte weelde.

De ein kin oerlibje omdat er benei te kommen is. Syn menu is better op 'e mins ôfstimd, it is in fûgel mei in hege aafaktor, hy doart sels bôle út 'e hân te iten. In skouwe reager moat himsels mar rêde, stjert earder de hongerdea. Benammen om't it oanbod oan iten winterdeis lyts is en dy reager in iensidich menu hat. De ein stiet de wrede natuerwetten, wylst in reager it dêr dreech mei hat. De natoer hat nei eigen goedfinen bepaald dat in ein as in ein troch it libben giet, in reager as in reager en in mins as in mins. De iene soart is better tarêst op feroarjende omstannichheden as de oare soart. Sa simpel is it. My binne dy genen tabetroud, Tsead. Ik ha gelok hân, ik mocht dit fers skriuwe, ik mocht betinke dat in ein tûk is en dat it in reager ûntbrekt oan effisjinsje, ik bin it dy't dit fers mei ynmoed skreaun hat...

Ik observearje, registrearje en notearje sljochtwei spesifike foarfallen út de natoer. Letter yn de bondel fynst dy ûntjouwings werom yn de evolúcie fan de taal sels. Ik assosjearje dan mear yn

tydlik dekor, ik, rampreporter, bliuw op ôfstân. Lit de bisten it fierder sels mar útfjochtsje. Sa, meitsje ik my der even maklik fanôf! Of dochs net. . . Tsead, ik spring net by in tiger op 'e rêch, ik gryp nergens in liuw by de strôt en krûp net wei ûnder de fearren fan in mûzebiter. Guon fersen ha yndie wol wat wei fan in National Geographic taferielsje. Ik mei trouwens ferhipte graach nei dy stjoerder sjen. Mar it op de hûd sitten fan in subjekt, dêr't de 'ik' krekt wol op 'e foargrûn komt te stean en in aktive rol spilet, freget no ien kear om in oare taal. Persoanlike uterings soene dan in wichtich plak yn it fers ynnimme. Sokssawat woe'k perfoarst net mei myn earsteling. De poëzij yn dy bondel moast perfoarst net sentimenteel wêze! Ik woe perfoarst in konseptuele bondel skriuwe, dêr't de/myn 'ik' in byrol yn spilet. Wêrom? Tsjja, mooglik in ferlet. Miskien ek omdat ik soms it smoar yn ha. It subjekt slacht foar master op, der wurdt somtiden hiel wat ôfeamele op papier. In soad dichters hoastje in tradisjoneel moraalferhaaltsje foar de lêzer op mei in toantsje dat my net befalt. It pronksike etalearjen fan keunstmjittige gefoelens smakket my net. Opsnolke uterings binne faak sa gewoan as in pûn moal. Der binne mar in hantsjefol dichters dy't de taal op smaak bringe kinne! Miskien bin ik wol in reaksjonêre dichter. Miskien in dwylsinnige. Wis en seker in moralist. Tsead, ik bin allergysk foar grutte wurden en foar sentiment. It is in griis. Ik hoopje net dat myn fersen oait rûke as kakmadammen. Miskien aardich om te neamen; op it stuit bin ik dwaande mei in lang fers foar de twadde bondel, dêr't iksels mei klam oanwêzich bin! Ja ja, dêr hast it al, ha, ha. . . De kompjûter telt de wurden even. Ik sit no al op myn taks fan 700 wurden. Bin'k fergeemje noch net iens yngien op dyn opmerkings oer 'it bist yn ússels'. Oare kear OK?

# Goeie Elmar, hoi Tsead

Yn febrewaris ferskynde de dichtbondel *Hertbyt*, it debút fan Elmar Kuiper.

Yn *de Moanne* skriuwe de dichter en Tsead Bruinja elkoar brieven oer dizze poëzij.

Goeie Elmar,

De sprong is makke! Of soe ik sizze moatte dat ik it skift 'De slachpinne' ûntflechte bin? Neffens my ha ik mysels as in knytsje mei ramt en al ferset nei in farsk stikje gers, fan it eksploisive 'Slachpinne' nei it, ja hoe moat ik dit skift neame, yntimere 'Spankrêft'. Ik wit my beskerme troch it gaas fan dizze nije stjelp en fret.

At it fers 'Minikrisis' oer de trochdraaide mienskip en alve septimber gie, dan soe dit part fan de bondel de fleksibelens wol ris taljochtsje kinne dy't yn dyselde mienskip derfoar soarget dat we mei syn allen net deabenaud byinoar yn it hinnehok fan ús wennings krúpe om dêrnei elkoar de eagen út te pikken. Yn dit skift ferbynst de knapte stâle fan in hynstebloom en leist neist in gleon minske mei wa'st oantinkens streakest. It liket persoanliker te wurden, of minskliker, mar oan it begjin stean noch altyd de bisten:

Neffens minslieke mjitstêven  
gûlt in wolf  
stoareaget in ko.

Wat mjit de djipte fan it gûlende wolvelûd?  
Wa wit de betsjutting fan it ûnstoflike kowesjen?

Wylsto yn it foarige skift tankber de bisten brûkt hast om de minske en syn tastân oan te jaan, befregest hjirre dyn eigen metafoaren en symboalen. Dêrmei bliuwst yn dyn eigen fabelachtige bistewrâld en joust der tagelyk in djipte oan, bygelyks troch de prachtige, iroanyske beskôging fan de minske troch de eagen fan in ko:

Tinkt de gekke ko:  
ik freegje it sâltige wetter út 'e eagen  
fan 'e twapoatige, de begrutlik stoareagenjende.

Letter komst op de hazze en wa't dy betocht hat. Hast it hjir oer in god of oer hoe't wy de bisten betinke troch ús gedrach op harren te projektearen? Sikest hjir de wiere aard fan it bist? Hantearrest in foarm fan retoryk wêrtroch't mear oer dy minske melde kinst?

Is der immen  
dy't it hert yn it liif hat en seit  
ik knyp de eagen ta, ferdôvje it gefoel.

Is der immen dy't oprjocht tinkt:  
wat miene sokke dieren wol net  
sa minsluk op it aljemint te kommen.

De konklúzje fan it fers liket oan te sluten by watst yn dyn foarige brief seidest oer it sentimint. Is dat gefoel der om te ferdôvjen? Is dat it moedichste wat we dwaan kinne, omdat we de wrâld dan helder sjogge? At dat sa is, is moed dan ek net in sentimint datst brûkst om fet te krijen op in ûngrypbere wrâld, om in eilân te kreëarjen dêr't fiele kinst watst fiele wolst?

Ik miende dat dit skift noflikker wêze soe, mar myn kop sit al wer hielendal yn 'e tiis. Dat fûgeltsje bûten sjongt net foar my en syn liet hat neat te krijen mei leafde of mei my. Om ús hinne binne persoanen en wêzens dêr't we eins neat fan witte, omdat we har net yn de kop sjen kinne en sy harren net bekroadzje om wat der oan ús fantasij ûntsnapt. Elmar, ik bin in alien yn dit skift en dizze wrâld. Ik woe it oer it yntime derfan ha, mar dat komt de oare kear. Ik sjoch it bêd oan 'e ein derfan al stean. Mei ik de oare kear eefkes tusken dy en dy gleone oar ynlizze? Ik ûnthjit dat ik net gûle sil at ik klearkom.



Ha Tsead,

Smakket it hertbyt gers? Of fretst it sa stadichoan mei lange bitterige toskens?

Dizze brief is wat oars fan toan as de foarige twa. Persoanliker. It kin wêze dat ik dêrtroch net streekrocht antwurd jou op dyn fragen en opmerkings.

TSEAD BRUINJA  
FOTO REYER BOXEM



Foar't ik yngean op dyn tredde brief wol ik noch wat kwyt oer it bist yn ússels. Dat bist fermoardzje wy yn it abattoir, yn it hollelaboratoarium dêr't ek it gewisse sit hat. Wy prate rjocht wat krom is, sizze A mar bedoele B, skamje ús foar ús keaplust en geilens, hannelje ympulsyf mar redenearje goed trochtocht.

Wy ûntkenne op sokke mominten it dierlike brein. Neffens minslike mjitstêven / gûlt in wolf / stoareaget in ko.'

Dy ynjouwing hold my in hoartsje yn 'e besnijing. It is in konstatearring fan in minslik feit. Mar as de feiten no net doge? Fansels, ik bin gjin psycholooch of wittenskipper, wol it ûnfermogen fan de mins net oantoane en hoech net te bewizen dat ús dwaan en litten foar in grut part stjoerd wurdt troch de relative autonomy fan trije harsens-systemen ( it krûpdier- it sûchdiere- en it minskebrein). Mar ik stel oan 'e kantline myn libbensfragen, tebrizelje de logika mei it sloopizer fan taal en skriuw sa út en troch in kranksinnich wurd op. Dat doch ik om't ik in dichter bin. In boer, in bistedokter, in piloat, in neuroat en in grutte kloat kinne dat ek dwaan mar ha mooglik in oar ferlet. Net elkenien hat in skriemend ferlet om te skriuwen.

'Is der immen / dy't de bange hazze betinkt / dy't alle jûnen weroan / de earen plat delleit / rûngear wachtsjend / yn it kâlde leger'. Dy hazze skûlet yn de dichter en hat minslike emoasjes. Hy hat fertriet en wille, is soarchsum en deabenaud. Dy 'immen' dy't de bange hazze betinkt is net bedoelt as in God of oare hege ynstânsje. De ferklearjende mins siket nei ferbannen tusken oarsaak en gefolch en beneamt it gedrach neffens grammatikale ôfspraken. It fers docht yn ferskillende strofen in emosjonele oprop oan de dichter. Dy dichter 'moat' wat mei dy oprop, dat is syn libbenstaak. Hy stelt fragen oan himsels en formulearret antwurden dy't der net om lige, antwurden dy't him fêstneilje oan it krús fan 'e taal. It sil dúdlik wêze dat ik mysels dêrmei bedoel.

Ik bin net op syk nei de wiere aard fan it bist en projekt earje mysels ek net op it bist mar spiegelje mysels suver oan / yn it bist.



ELMAR KUIPER  
FOTO REYER BOXEM

It klinkt miskien nuver, mar ik hâld my krekt beskieden en nederich foar de bisten oer. As jonkje ha'k my wolris ôffrege hoe't in hazze oerlibje koe yn sa'n suterich leger. By ús op it hiem seach ik se wol omklommerjen, dy earne bisten dy't in skûlplak sochten, sadree't om krysttyd hinne jagers út 'e Rânestêd, mei grize snorren en grutte hûnen, harren soartgenoaten yn 'e omlizzende lannen besingelen en fan tichtby ôfmakken. Ik ha dêr nooit wat fan begrepen. Tsead, hasto in opjage hazze wolris rjocht yn 'e eagen sjoen? In benearjende ûnderfining, dat kin'k dy fersekerje.

Ik fiel mysels ek wolris as in opjage hazze. Der is altyd leven om my hinne, guon minsken moatte altyd wat fan dy gedaan krije. Ik bin bliid dat ik mysels sa no en dan achter it buro weromlûke kin. Gjinn geëamel oan 'e kop. It stal jaan oan in gedicht is foar my as wenjen yn in priveereservaat. Nimmen kin my dêr steure. Myn geast (fer)wurket dan as in gek.

'Ik knyp de eagen ta'. Dat ha'k as jonkje letterlik dien. Wolst net tinke oan it drama dat him ôfspilet yn it fjild. It sentimint komt ta utering, it kin dyn gefoel ferdôvje en beskermet dy foar swierwaar. It tydlik ôfskermjen fan gefoel is net it moedichste, mar faaks it iennichste watst dwaan kinst, ja sels ynstinktyf dochst. Do libbest yn in rûs, dyn bewustwêzen fernaut in bytsje. It moedichste watst dwaan kinst is mei oerjefte de hagelbui fan it brein trochstean.

De eagen taknipe en tajaan datst de wurklikheid even net sjen wolst is minder moedich. Dat slagget guon minsken sels net. Dy ferwachting sprek ik ek net út yn it fers.



# Goeie Elmar, hoi Tsead

Yn febrewaris ferskynde de dichtbondel *Hertbyt*, it debút fan Elmar Kuiper. Yn *de Moanne* skriuwe de dichter en Tsead Bruinja elkoar brieven oer dizze poëzij.

Goeie Elmar,

Tank foar dyn reaksje op myn foarige brief. Miskien dat ik op guon punten dêrút noch weromkom, mar earst wol ik nei it fers 'Finzen', dêr't it skift 'Paraaf' mei iepenet:

FINZEN

Dyn traljewurk hâldt my  
yn 'e kloeren

ik ferbûgje  
de spilen fan de wil.

Do slútst my op  
mei ien  
feninige blik.

HJIR BLIUWE  
hjitte dyn eagen.

It soe wat

dyn moannen te hawwen  
dyn balt te roppen  
dyn gap te dwaan

My driuwt de rôfsucht.

Mar yn godsnamme wêrom  
te bliuwen

in finzen dier?

Ik lies krekt in stik fan Jos Joosten yn *Parmentier*, wêryn't er noch mar ris op 'e nij sizze woe dat de wrâld makke is en bepaald wurdt troch tekst. Ik kin my dêryn fine, hoewol't ik it ek wol wat in hin-en-aai-diskusje fyn, of moat ik sizze: in aai-en-hin-diskusje. Do hiest it yn de foarige brief oer de groeispart dy't ús ferstân makke hat troch taal. Is it 'har' traaljewurk dat ús 'yn 'e kloeren' hat of de wil fan dy oar dêr't we ús wat fan oanlûke, omdat sy de beurs yn hannen hat of tusken de tekkens leit dêr'tst nachts tusken krûpe wolst?

Ik freegje my ôf oft taal safolle feroare hat en dêrtroch al te bot oan de macht is. De buien dy't in feninige blik feroarsaakje kinne, binne neffens my ek by bisten wol te finen. It kwea liket my dêrby net in útwaaks fan de ratio, mar suver in etiket dat wy plakke op de destruktive kant fan it bestean. De bile en oare handichheden ha dêr net folle mei te krijen. It leit mear yn de wil fan it bestean fan in libbensfoarm. Tink mar oan jonge poeskes, dy't fjochtsje om in moai plakje oan it molkfabryk fan de memmebúk.

Ik wol der fierder net te djip op yngean, omdat ik oars te fier fan it fers 'Finzen' ôfdwaal, mar it hat my oan it tinken set. Ynearsten gean ik derfan út dat taal ús hanneljen miskien wat kompleks makke hat, ek it destruktive, mar dat dy kompleksiteit in fasade is en dat it úteinlik út te raffeljen is ta in samling hannelingen dy't úteinlik ynstinktyf fan aard binne.

Ik fyn it moai hoest ek yn dit fers wer in ik-figuer delsetst dy't him graach yntinke of ferpleatse wol yn de oar. Dat blykt it sterkste ast seist: 'dyn moannen te hawwen / dyn balt te roppen / dyn gap te dwaan.' Dy strofe litst folge troch de ferklearring dat de ik dreun wurdt troch rôfsucht, mar is dat wol in tsjinstelde langst? Is ien opslute en de frijheid benimme net itselde as eat rôvje om te bewarjen, as nimme en dêr neat tsjinoer sette wolle?

Yn alle gefallen liket dyn gong yn dit part fan 'Hertbyt' minder hoasfuotlings as it foarige. Ik wit net hoest de macht rôvje moast, mar ik tútsje dyn traaljes en sjoch dat ien fan de jonge poeskes grouwer wurdt as de oare, dat de mem de iene leaver hat as de oare. Ik fret dyn wurk as in sinnich hynder, fan hûndert prosint tekst.



Hoi Tsead,

Salao is in kombinaasje fan Saul en Salomo, twa bibelske figueren. Saul wie in feardich jongfeint út it lân Benjamin, dy't it folk Israel ferlosse moast út 'e macht fan 'e Filistijnen. Hy liet himsels yn it swurd falle doe't de fijân him yn 'e mlik krige. Salomo wie in wiis man mei in grut ferstân en hat fjirtich jier kening west oer Israel. Hy wie likegoed in dichter dy't skreau oer it fee, de fûgels, de krûpende dieren en de fisken. Hy hie it wakker op mei frjemde (kreaze) froulju! Salao beskôgje ik as in mytyske superpersoan, dy't yn it fers 'Atletysk' it wjirmgat yndûkt.

TSEAD BRUINJA  
FOTO REYER BOXEM

Om't ik net earder in namme brûkt ha yn de foarôfgeande tolve fersen, komt it yn dit fers miskien wat út 'e loft fallen. Mar om fuortendaliks fan in stylflater te sprekken giet my wat te fier. Letter yn de bondel bring ik de namme Olitski ek noch op it aljemint.

Yn it fers 'Finzen' wol de ik-persoan it dierlike, it ynstinktive sels sjen litte oan de bûtenwrâld. Soest it ek as in leafdesfers lêze kinne, dêr't de ik opgean wol yn de oar.\* Hy spegelet himsels yn in oar en wurdt in liuw mei gouden moannen dy't roppich is, wyldjaget en foldien gappet nei't er de proai opfretten hat. Eins is dit it meast persoanlike fers fan *Hertby*. De ik stiet model foar it Elmar-bist dat himsels yn 'e macht hat, foar in skouwe taskôger dy't yn it neakene himd swimme wol yn in see fan fleis. It fers is frijwat hermetysk. Ik kom der oan 'e ein fan de brief noch even op werom.

It traljewurk fan it kristlike ferstân hâldt ús sabeare yn de kloeren. Wy sjogge en rûke it goddeleaze fleis, wy wolle graach bûten ús koai ús tosken deryn sette, brekke út op in ûnbewekke momint, mar wurde weromroppen troch de biste-oppasser yn ús holle dy't ús op 'e bealch jout mei it masterlike swypke. Hearlik, dy ôfstraffing! Ik skriuw 'sabeare', omdat we it faaks net litte kinne om te priuwen fan 'ferbeane fruchten'. Net dat dat slim is, in soppich stikje fleis smakket bêst op 'e tiid, mar it ferrekte skuldfielen is ús mei de brijleppel ynjûn. It kwea soest in etiket neame kinne, dat fanôf de midsieuwen plakt is op bepaalde 'destruktive' fenomenen lykas natuerrampen, sykte en dea.

De mins kwalifisearret fenomenen om him hinne dêr't er gjin gryp op hat, fenomenen dêr't er kjel fan wurdt. Boppedat makket er rare bokkesprongen at er him yn it nau dreun fielt en komt er, yn it gat bebiten, ta rigoereuze oplossings. Moard en deaslach binne oan de oarder fan de dei. It kwea dêr't ik eins op doel hat neat mei in etiket fan dwaan. It is earder it útfloeisel fan angst en agresje, fan in trochslach yn de harsens, fan it minne ôfstimmen op de ferskate stjoerders yn de holle. Fansels, bisten kinne tige agressyf wêze. Mar Tsead, soartgenoaten fermoardzje elkoar komselden.

En wat ek nijsgjirrich is; swierbewapene dieren ha sterke

ELMAR KUIPER  
FOTO REYER BOXEM

remmingsmeganismen. Krekt by de mins rint agresje echt út 'e klauwen, omdat 'remjende prosessen noch net foldwaande foarme binne', neffens P. Vroon.

Wat bedoelst mei de wil fan it bestean? Meitsje jonge poeskes in beredenearre kar oan it memme-oer? Stjoere se harren eigen hannelingen? Wat hat dat fjochtsjen fan dy poeskes fan dwaan mei de wil? Is it net in saak fan it ynstinkt? Miskien bedoelst dêrmei wat oars te sizzen, bewustwêzen en taal ha ek mei-elkoar te krijen, likegoed as bôle en bûter.

We ha it der noch wol ris oer!

Yn foargeande brieven hie 'k it oer de mins dy't net seit wat er docht en net docht wat er seit. Dat ynkonsekwinte gedrach fynst net werom yn de emosjonele taal fan de mins, dêr't 'de feninige blik' yn it fers in foarbyld fan is. In emoasje makket net diel út fan it oantinken, mar beäntwurdet earder oan in ynstruksje-ûnderdiel fan in programma dat relatyf autonoom ferrint.

De ik-figuer yn it fers sprekt himsels eins ta. Hy slút himsels op. Mei 'Dyn traljewurk' en 'Do slútst my op' jout de ik kommentaar op it gewisse. De ik smeekt it gewisse; asjebleaf lit my útbrekke út dizze koai; 'Mar yn Godsnamme wêrom / te bliuwen / in finzen dier?' // Hy hat net it uterlik fan in rôfdier (in liuw yn dit gefal), mar wurdt inerlik dreun troch de jacht. Hy kin net út himsels stappe en beseft dat er himsels fêsthâldt achter de traljes fan it gewisse. De langst bliuwt, mar de ik berêst yn de sitewaasje. Hy wol in suertsje wêze, in brave en nuete poëtyske liuw, dy't himsels opsletten hat yn in konstruksje fan gedachten.

\*Dat Elmar-bist hat yn *dizze bondel* trouwens net de ambysje én moed om himsels te fero



# Goeie Elmar, hoi Tsead

Yn *de Moanne* skriuwe Elmar Kuiper en Tsead Bruinja elkoar brieven oer de bondel *Hertbyt* fan Kuiper. Dit is brief 4.

Goeie Elmar,

Yn *Filosofie Magazine* waard Klinkhamer-biograaf Martin Meijer frege wêrom't de skriuwer en moardner him sa fassinearret. Hy antwurde dat er Klinkhamer sjocht as in minske dy't beskikt oer in foarm fan selsrefleksje as skriuwer, wylst er tagelyk in morele grins oergien is troch syn frou te fermoardzjen en dêr in boek oer te skriuwen. It is him net dúdlik wurden oft Klinkhamer pakt wurde woe troch yn in boek te setten hoe't in personaazje syn frou smoart. Meijer hellet Hannah Arendt oan, dy't yn de nazi Eichmann net in múnster, mar in weakte amtner fûn. It kwea yn de foarm fan in banaliteit, de moardner as netsjese amtner of skriuwer. 'It kwea is in mooglikheid foar eltsenien dy't oer in frije wil beskikt,' seit Meijer. Dat liket my foar de hân lizzend. Wat fynsto? Hinget it kwea miskien gear mei de ratio, it tinken dêrsto it faak oer hast yn dyn fersen?

Do skreaust my oer de skamte fan de minske dy't te benaud is om earlik foar syn geilens en keaplust út te kommen. Ferteldest my hoe't it somtiden moedich is om de eagen te sluten foar de ellinde. Om kwetsber te bliuwen, gevoelich en iepen foar de wrâld om dy hinne, sûnder in suertsje te wurden, is yndie in útdaging.

We sitte ússels yn it paad mei ús tinzen, mar is it rasjonele eins ek net dierlik? Fynst it in evolúsjonêre flater? Wolst de holle en it hert oaninoar lymje, lykas de hynstebloom en syn stâle? Yn hokker sin kin it dierlik brein in oplossing biede? Moatte we ús spegelje oan de eangst dy't wy yn de kop fan de hazze fermoedzje? Is nederichheid en beskiedenheid allinnich it resultaat fan eangst?

Dyn opjage hazze is trouwens troch kollega C.O. Jellema ek yn 'e eagen sjoen. As jonge 'drijver' moast er de kar meitsje tusken de bange hazze melde by de jagers of him de bek hâlde. Wat betsjut dat foar de dingen? Moatte wy alles fuort sizze of moatte we hoeden wêze en lang neitinke foar't we alles der samar útflappe? Tinkt de hazze nei oer dat mantsje yn de learzens dy't him genedich is?

Jellema liet de hazze ûntkomme en kin troch dat oantinken reflektearje op it ynstinkt en de eangst:

...hoe angst een plotselinge kracht kan zijn  
die je bevrijdt tot in je kloppende hart.  
Misschien zal, als het gat dat groeit in mij  
te diep, te breed wordt om te kunnen springen,  
bij god, een haas mijn voorspraak zijn (want ook  
een dier dat angst kent heeft een ziel die wordt  
verlost), al was het maar doordat die morgen  
mij heugt, die ene stap, en dat instinct  
waarmee bestaan zich redt op eigen kracht.

It liket my ta dat we stikjes fan de taart fan ús hanneljen ôfskeppe en dan sizze dat it gjin taart is, mar in aai, wat moale en wetter. Is tinken wol sa keunstmjittich en net in samling fan mei inoar rabjende ynstinktmantsjes? Sa fan: Hasto dy hazze sjoen. Ja. Wat sille we dêrmei?

Yn de lêste twa fersen fan 'Spankrêft' hast de sprongen fan de hazze urven. Der wurdt heech- en leechsprongen en do breidest de kar út mei djipspringen. Wat docht in djipspringkampioen eins? Is hy in held fanwege de djippe lagen dy't hy of sy ferkent of omdat er sa wiis is om út te naaien troch in wjirmgat? Wat my fierder opfoel wie datsto, wylst meast fergelikingen makkest mei bisten, it hjir hast oer Salao. Wa is dat en hoe komt se yn dit fers relâne? It liket my in stylbreuk ta. Ik wol graach witte oftst dy lykas oan de bisten ek oan Salao spegele hast? Hoe sit dat mei it brûken fan in oar wêzen as symboal? Wat docht dat mei ús en wat docht dat foar en mei in fers? Troch te kiezen foar libbene wêzens ynstee fan foar de nacht, in reindrip of de roas, feroarje de fragen dy'tst yn it gedicht stelt of stelle kinst en dat liket yn 'Spankrêft' noch altyd te gean oer it tinken en it ynstinkt, mar dan op in persoanliker toan, oan de ein ta, dêrst 'tinkaaien' útfleane litst en 'aaiwytwet' ûnder 'bleate tekkens' krûpst. Bringst ûnskuld, ferline en tinzen byinoar yn dy moaie rigels.

wy aaije ús oantinkens  
wy telle de jierren  
wy tinke net nei.

Se moatte Martin Meijer mar ris Frysk leare.

Donderkaters Tsead,

*Hertbyt* makket wat los by dy, wat in soad fragen!

Ik kom yn dizze brief spitigernôch net ta oan 'Salao'.

De ôfrûne dagen moast ik even harsenskrabje, ik sil no besykje dyn honger te stiljen.

'Kwea' is in abstrakt wurd, stevich woartele yn it midsieuske doemtinken. It ymplisearret dat der sprake is fan eat dêr't wy gjin fet op ha, eat dat as in swolm opbloei kin en woekeret yn bloed en ieren en oan bepaalde betingsten foldwaan moat foar't it as fûl guod út 'e hûd spat. Foar my is kwea relatearre oan de tinkende en hanneljende mins, oan de mins dy't om sizzen jout, mar net by

TSEAD BRUINJA  
FOTO REYER BOXEM

steat is om agressive ympulsen ûnder kontrôle te hâlden. Biolooch K. Lorenz skriuwt dêroer yn 'Agressie bij dier en mens'. Neffens him binne by de mins it ferstân en ynstinkt útelkoar groeiid. De bile en it fjoer wiene noch mar krekt útfûn of de mins huft syn meiminske dermei dea en friet se op. Tinken en taal ha enoarme en hurde feroarings teweechbrocht (eksplosive groei fan de neocortex\*), dy't de ynstinktwrâld net byfytse kin. Wy libje mei in âld brein yn in nije wrâld.

Iksels fertaal kwea yn konkreet en feitlik gedrach. Wy sizze A, mar dogge B. It tinken behimmelet de dieden en bêdet it gewisse del. De ienlingsminske is in do mei in roekesnaffel.

It rasjonele heart him ta.

Wy kinne út in 'point of view' wei nei ússels sjen.

Bewize dat it oars ynelkoar stekt kin ik net. Dochs liket ús bewustwêzen yn wif lykwicht te stean mei emoasjes, driften en ympulsen. It tinken stiet los fan dy rabjende ynstinktmanstjes dêrsto it oer hast. It diel fan it brein dat oardielt is faaks in oar diel as it systeem dat gedrach fuortbringt. Neffens P. Vroon moat de neocortex as in soart psychiater ûndersykje en tsjutte wat earne oars yn it brein plakfynt: 'Tijdens een psychoanalyse huilt de krokodil in ons, het paard probeert iets over de emoties uit te drukken, en het menselijke aspect van de patiënt heeft de grootste moeite om er achter te komen wat er aan de hand is'. Dat it fakentiden út 'e klauwen rint, komt om't de mins mooglikheden kreëarre hat om mei distânsje nei de gefolgen fan syn gedrach te sjen. Hy giet de direkte konfrontaasje út 'e wei. Meitsje mar ris mei bleate hannen immen ôf, dat falt net ta. Kinst better op it knopke 'destroy' drukke.

In evolúsjonêre flater? Hooplik hat der oer in pear miljoen jier in knappe yntegraasje plakfûn fan de yntellektuele funksjes en de emosjonele en morele funksjes fan de mins. De âlde definysje 'mins' soe dan komme te ferfallen. Miskien is de nije mins werklik in beskaafd wêzen. Stribbet de evolúsjie wol in doel nei? Okee, fuortplanting fansels. Mar 'stribjen' is in minsklike kwalifikaasje. De natuer 'docht.' Miskien sjit de mins as produkt

ELMAR KUIPER  
FOTO REYER BOXEM

fan de evolúsjie syn doel foarby, roeget er himsels en oare diersoarten út, ferneatiget er 'syn' planeet. Dat soest in flater neame kinne. Earlik sein brek ik my de holle oer dy fraach.

Yn it fers 'Oei waaist wer fuort' ha 'k it oer 'de knûst fan 'e út 'e kluten sketten keardel' dy't 'de hynst skiedt fan 'e blom.' Hy skiedt op rûge wize it bist fan de plant, de man fan de frou, de holle fan it hert, de wurklikheid fan de dream. Dy keardel is myn oardieljende ik, de ik dy't op oarder bringt en kwalifisearret. 'Ik ferbyn op eigen manneboet / de stikkene stâle / eardat de wyn beslút / en nim dit mei / hoasfuotlings'//. Dat 'manneboet' ferwiist nei dy keardel, nei de dichter dy't mei syn ark betsjuttings separearret en isolearret. Hy jout se in spesjale behanneling foar't de realiteit fan 'e dei de kop wer opstekt.

It spegeljen oan de eangst folstiet net. We soene eins ûnderfine moatte hoe't it is om as in hazze opjage te wurden. Us mentaliteit feroaret inkeld troch de konfrontaasje mei it lijende subjekt oan te gean. Observearje dy hazze! It soe al skele ast dy sa no en dan ôffregest: wat soe der yn my omgean, mocht immen in gewear op my rjochtsje. Moatst dysels realisearje datst dysels mar amper yn 'e klauwen hast. Somtiden kinst bepaalde minsken wol deadwaan. Ien knip mei de fingers en dochst de died by it wurd.

Minsken om my hinne ha yn de regel fierstente folle praatsjes. Ik hâld fan minsken dy't yn harren sels keard binne en net fuortendaliks in útsprutsen miening fentilearje oer it barren yn 'e wrâld. Ik hâld fan de freegjende, ûnwisse, sykjende mins dy't dimmen njonken in stien of in krobbe wêze kin, dy't grutte eagen opskuort en bliid wurdt fan in skuor yn 'e muorre.

*Neocortex\**

*Nije harsenskors. Grutte stikken fan it ûnthâld en it fermogen om te praten en te tinken berêste ûnder mear op de aktiviteit fan de neocortex.*

# Goeie Elmar, hoi Tsead

Yn *de Moanne* skriuwe Elmar Kuiper en Tsead Bruinja elkoar brieven oer de bondel *Hertbyt* fan Kuiper. Dit is brief 6.

Hoi Elmar,

Tank foar dyn útlis fan de namme Salao. Olitski bin ik noch net oan takaam. Ik bliuw noch eefkes by de minske en it bist, ien fan de wichtichste tema's yn dyn bondel. Der is fansels in protte oer skreaun, dat ik spitigernôch noch net lêzen ha, mar watsto seist oer it kwea 'It kwea soest in etiket neame kinne, dat fanôf de midsieuwen plakt is op bepaalde 'destruktive' fenomenen lykas natuerrampen, sykte en dea', dêr bin ik it net hielendal mei iens. Yn myn brief woe ik sizze dat it kwea faaks werom te bringen is ta in utering fan selsbeskerming of beskerming fan in gelike, hoe idioat en gewelddiedich dy hanneling ek is. De memmepoes út dyn foarige brief kin neffens my net folle oars dwaan as it foarlûken fan ien fan har jongen. Har ynstinkt kiest it poeske dat de bêste kânsen ha soe om te oerlibjen. Ik bin fansels gjin biolooch en ek gjin filosoof, mar at boppesteande in part fan myn wrâldbyld befettet, dan spilet dat ek in rol by it lêzen fan dyn bistefersen.

Do bewearst dat de minske ferskilt fan it bist, omdat er soartgenoaten fermoardet. De minske docht noch wol slimmere dingen, bern wurde twongen ta in nutteleas pearjen of ombrocht troch harren eigen âlden ensafuorhinne. It is noch mar de fraach oft dat sa fier fan de bistewrâld ôf stiet. Miskien dat de wapens dy't we meitsje kinne troch de evolúsje it ús allegear te maklik makke ha. Miskien is de emosjonele ôfstân tusken it observearjen fan de deade minske en syn libbene ferzy ferdwûn of binne we mei safolle dat we ús net yn de oar mear hoege te ferpleatsen. Taal soe dêr foar in part de oarsaak fan wêze kinne, mar bisten kinne dochs likegoed dingen dwaan dy't yn ús eagen gemeen binne. Sike bisten wurde oanfretten wylst se noch yn libben binne. Soartgenoaten wurde ferstjitten. Der is gjin rjochtbank yn de natuer, gjin Moskowitz foar de koekoek. De taal fan dy Moskowitz sjoch ik trouwens net as folle oars as in útwaaks fan it liet fan de fûgel. Taal komt út de natuer en al har wredens is dat ek, mar miskien wolst allinnich mar dúdlik meitsje dat de minske it wreedste bist is, de minske dy't net docht wat er seit. Ik leau net dat dit ynkonsekwiint is an sich. De minske docht wat er tinkt, dat er dêrby wat oars seit of wat oars sein en tocht hat, is miskien in probleem foar syn omkriten en neisten, mar net foar it organisme dêr't hy of sy diel fan útmakket, dat besiket op de bêst mooglike manier te 'oerlibjen'.

It gewisse liket my yndie in selsopleine finzenis, mar dy konstruksje soe lykas it remmingsmeganisme dat Vroon neamt wolris útfûn west kinne troch it ynstinkt. Faaks komt it út de taalfabryk de Bibel. Ik fyn godstsjinst prachtich as ferhaal mar as

in leauwen dreech te fernearen, at it de funksje hat om ús wat te remjen yn ús drang om oer liken te gean dan wol ik der foarlopich noch wol oan. Ik of de minsken dêr't ik fan hâld soenen sa'n takomstich lyk wêze kinne.

Ik kin my fine yn dyn moedich suertsje. Ik ha der sels ek wol wat fan. It leveret neffens my de bêste frou op en sa'tsto witst moaie bern, mar miskien projekttearje ik en bin ik te bang om oars te wêzen, miskien bin ik der te huverich foar om te sjen datst mear liuwich bist as in suffert. Herman Finkers hie it al ris oer it finen fan sa'n sabeare suertsje. It stumperke wie in bidder en hie gjin skonken, Finkers woe gjin jild jaan en krige gelyk: de skonkjes leinen kreas om 'e hoeke op de bidder te wachtsjen.

Do hast lykas seist net de moed, ik soe sizze it ferstân of it ynstinkt om te feroarjen, mar wol it talint om op te skriuwen hoe't dat fan ús ferlange wurdt. Wer is de finzenis fan Bagdad dy't no eins ris plat sil net fier fuort:

YN HIMELSNAMME

Se ha in fûgel fêstset  
in hûn en in hynder  
flerken jûn.

Se ha in fûgel  
útharke  
tahrarke

oant it lûd

ferstoar.


Se ha rjocht sprutsen  
sein: yn himelsnamme hûn  
yn himelsnamme hynder

sjong  
as in fûgel

fluitsje

no't jim fleane.

Hasto Chlebnikov en Majakovski lêzen? Ik hear it noch wol.  
Groeten fan de wurdgrins fan dizze brief.



Ha ynstinktemantsje,

It kwea komt neffens dy fuort út it ynstinkt. Neffens myn wrâldbyld út it bewustwêzen fan de mins. It is foarbeholden oan him. Lit ik it sa sizze: it ynstinkt seit: fjochtsje of flechtsje. De mins hannelet dêrneffens. Mocht er nei de konfrontaasje noch libje, dan betinkt er faaks in strategy om de fijân it libben soer te meitsjen. De mins garret rizelarguminten dy't pleitsje foar it eigen folk, kriget in read letterke yn it almenak en spilet foar eigen rjochter; DE FIJAN MOAT DEA! Krekt yn dy strategy en hypokrisy skûlet foar my it kwea.

De mins is in frijme apostel. Bewust en ûnbewuste prosessen stjoere him.

En oarsom, de mins kin bewuste prosessen stjoere! Lês bygelyks it kursusmateriaal op ynternet: [www.avatar.nl](http://www.avatar.nl) Op it ynstinkt hat er foarearst gjin gryp. Hy kin himsels plechtich tasizze dat er net sûndigje sil en leaut yn dy wurden. Hy preuvelemintet, syn priveegebed moat ferheard wurde. Hy fynt oansluting by minsken dy't lykas him in befêstiging sykje foar harren gelyk. De mins lit regelmjittich rûtingedrach sjen; hy blaft op kommando en folget as in slaafsk hûntsje de lieder. Hy docht wat syn ynstinkt him ynjout.

Ik soe graach ûnderskied meitsje wolle tusken yntelligint gedrach en ynstinktyf gedrach. De rare bokkesprongen dy't de mins yn penibele sitewaasjes makket, wurde benammen ynjûn troch it ynstinkt. De yntelliginte komponint spilet dochs ek net swak by en betinkt rigoereuze oplossings om de sitewaasje master te wurden.

Ik leau wol yn it idee dat yntelligint gedrach fan ynfloed west hat op ynstinktyf gedrach. It ynstinkt hat neffens Vroon mear mooglikheden krigen, om't der ûntdekkings dien binne troch de yntelliginte komponint fan ús funksjonearjen. Der binne sadwaande mear mooglikheden om agresje sjen te litten wylst it remmeganykje yn ús primêre hollen noch net goed wurket. We ride hurd op in lichte superfyts mei strieminne remmen. Miskien remje we noait ôf en driuwt it ynstinkt ús dwaan en litten ús dochs mear as ús leaf is.

Tsead, skeakelsto in memmepoes gelyk oan de mins? Jawis, se jouwe beide molke...

En fierder? Hat dy poes yn dyn belibjen in bewustwêzen? En fynsto werklik dat bisten gemeen wêze kinne? Dyn wrâldbyld hat my yn 'e besnijng krigen. Ik hie net tocht datsto sa'n primêre, ja suver animale fisys op de natuer hast. Dat fyn ik moai! Ik fernuverje my oprjocht, it set oan ta tinken. Wat sis ik, it hat no al in nij gedicht opsmiten!

#### DOORZAGEN

In de schouwburg luisteren mussen  
naar een praatzieke kop.

(Een rasverteller doet zijn eigen stem na.)

Onder een lijfboom  
huiveren veren rompjes  
op hun pootjes.

Zwarte kraaien zagen door.

(Een zuivere Nederlander voert het woord.)

Mussen zonder kop en staart applaudiseren  
met broodmagere vleugels en nuchtere krop.

Klapeksters pikken mussenvoer op  
zangzaad giert in buiken.  
(Gezuiverde taal spoelt vogelhersens schoon.)

Mussen halen na de voorstelling  
hun kop en staart  
van de klerenhanger

terwijl zwarte kraaien maar door-  
zagen.

No ik emelje noch mar even troch. Fansels, in mins fermoardet net allinnich bewust soartgenoaten. Ek it machtsmisbrûk is er net fiis fan. Dat bringt my op in eigenaardich ferhaal, dat spilet yn de bistewrâld. Ik wie 15 jier doe't ik thús, yn it bûthús, in machtige keppel lishinnen hold. Isabrown Warren, 220 stiks. Der rûnen gjin hoannen tusken. Op in stuit seach ik hoe't in hin, dy't leech yn 'e pikoarder stie, nei in hoeke fan it hok dreau waard en dêr meardere kearen ferkrêfte waard troch trije dominante hinnen. De hiele kop fan it bist keal pikt. Fan skrik en argewaasje ha 'k doe it earne bist beetkrigen, meinommen en in plakje jûn yn it lytshús, dêr't brodske hinnen en hinnen yn 'e lapekoer, wer opkallefattere waarden. Dat hintsje knapte stadichoan ek wer op. In dei foar't se werom mocht nei it bûthús, wie sy, yn it lytshúskeppeltsje, de dominante hin dy't oare hinnen it libben soer makke. Fansels bruts yn it bûthús wer in drege tiid foar har oan. Oare dominante hinnen hiene yn de tuskentiid wer in nij slachtoffer útsocht...

Hoe kom ik hjir eins op? Dyn opmerking dat bisten yn ús eagen ek gemeen wêze kinne is by my ek hingjen bleaun. Ik kom der noch op werom. Tsead, dy 'Moskowitz foar de koekoek' soest sa yn in gedicht brûke kinne. Moai byld. De mins docht wat er tinkt skriuwsto. Miskien yn in sublimearre foarm. Hy hat oanstriid om te moardzjen mar snijt en krûdet in kilo hinnefleis op in plankje. Wat tinkt er dan? Dea, dea, dea, neuke, neuke, neuke, lekker, lekker, lekker, skite, skite, skite... En wat seit er? 'Wat sjochst der wer goed út!'

Ik oerdriuwt in bytsje. De mins is spoekbenaud om in kreas frommes te moetsjen en rjocht yn de eagen te sjen om't er dan basaal tinke moat; neuke, neuke, neuke. Dy stakker hat gjin oare kar. Hy is dwaande te oerlibjen yn dyn optyk. Dêr kin ik ynkomme. Praat ik hjir foar mysels?

*Shuiper*

# Goeie Elmar, hoi Tsead

Yn *de Moanne* skriuwe Elmar Kuiper en Tsead Bruinja elkoar brieven oer de bondel *Hertbyt* fan Kuiper. Dit is brief 7.

Goeie Elmar,

Fjouwer brieven soenen we skriuwe en dit is al wer de sânde. We ha it hân oer muzyk yn de poëzij, oer agressy, it ynstinkt en it ferstân. Hast my útlein hoe't it tinken en de taal enoarme en hurde feroarings teweechbrocht ha en fral hoe't de natuer docht en net stribbet. We skriuwe no beide noch twa brieven en dan moatte we mar wer wat oars betinke. Neaken troch de bosk stowe en raze? Op 'e flecht foar it ferstân en de taal? Wat seiste?

Ik wol dizze brief begjinne mei in fers út de nijsgjirrige nije bondel *Kleur de schaduwen* (Augustus, 2004) fan K. Michel. Bin benijd oftst der wat mei kinst en watst derfan fynst.

IN

in het lopende buffet  
dat dit ondermaanse is  
zei de geleerde aap  
is als zes seks

en negen zomerregen is  
het allerbest dat  
een banaan kan overkomen  
interpretatie

*K. Michel*

Ik wit net mear wêr't ik de rigel 'arm interpreterend brein' lies, mar by it lêzen fan dit fers moat ik dêr hieltyd oan tinke en derom gnize. Ik sil no fierder mei myn eigen ynterpretaasje en projektsje. Werom nei *Hertbyt*.

Ik slach yn dizze brieven de syklus 'In mannelike man' oer. Ik wol dat gehiel net oantaaste troch der in pear hapkleare brokken út te seagjen. Minsken moatte dat stik sels mar lêze. Bliuwt oer it skift 'Wite flaggen, molken flerken', neffens my in lûd en rûch stik byldmuzyk nei it barokkere 'In mannelike man', punk tsjinoer de symfo. Omdat ik it leafst yn dizze brieven in hiel fers pleats en it fers fan Michel hjir ek al stiet, sil der net folle rûmte oerbliuwe foar fragen, mar al foar it folgjende fers:

LIT DOWEN NET BARSTE

Wês der betiid by

boetsearje iere fûgels koerende nôtpikkers  
smyt bakte klaaisjongers yn 'e loft.

Poets loop foar skeppingsjacht  
sjit klaaidowen út 'e loft.  
Helje de hûnen! Helje de hûnen!

Pas op!

Se bite harren toskken stikken  
op 'e downen de hurd koerende downen.

Doch in warskôgingsskot yn 'e hege hoeken  
sjit út mei berekkene hân  
mar lit downen net barste!  
lit downen fleane sûnder barsten.

Sjit op!

Boetsearje in hûnehals  
boetsearje in hûnehals  
smoar de halzen

Wês der op 'e tiid by!

Is dit fers in oade oan it moaie fan missjitten of ropst ús op om allinnich te moardzjen yn in firtuele wrâld? Moatte we de echte fûgels en de hûnen hiel litte? En wat dogge de hûnen yn dit fers? Yn it fers dat derachter oan komt, ropst ús op om bylden as boartlike hûnen oerinoar hinne tûmelje te litten. Binne dat deselde hûnen?

Ik stek de hannen alfêst yn de klaai fan de lêste brief!





Hoi Tsead,

In koarte brief diskear. Nijsgjirrige ynterpretaasje fan in banaan yn it fers fan K. Michel. Ik fyn it knap dreech om der wat oer te sizzen. It begjin kin ik aardich neikomme. 'Het lopende buffet' en 'dit ondermaanse' assosjearje ik mei de hearlikheid en it lekkere guod op dizze ierde. Ite, seks en waarm himelwetter binne it bêste foar dy banaan. Benammen de ferbinings 'geleerde aap / banaan, zes / seks en negen / zomerregen' wurkje yn dit fers. Ik fyn wol dat de 'issen' betizend wurkje en de krêft fan it boadskip ûnderút helje. Ik moast der ek even om gnize, ek omdat dy gelearde aap sterke meidielings docht en se boppedat by de noas lâns opmerkt. Fan dy K. Michel wol ik mear lêze!

55

'Lit downen net barste' giet oer it skeppen fan in keunstwurk. It liket in beskaat programma te folgjen. Earst docht dit him foar, dêrnei wer wat oars. Ik bring eins de driuw fan it skeppen ûnder wurden. De poëtyske spuleminten, downen en hûnen, 'ferhurdzje' ûnder myn hannen en ferwurde ta bonkehurde stikken klaai. Ik boartsje wat mei beiden.

It gedicht ropt op ta aksje, it warskôget en trunet oan. 'Kill your darlings' liket hjir it útgongspunt te wêzen. It fielt krekt as sprekt de dichter yn dit gedicht as in dwylsinnige dûmny. Propagandataal fan in idioat? En komme syn wurden wol oan, berikt er in publyk? Miskien de harkers yn de holle en in hantsjefol oare skeppers. De dûbele moraal fan it fers (skeppe wat net is en fuortdaalks ferneatigje wat is) hat in heech kulgehalte. Krekt dat makket it nijsgjirrich. Faaks seit de gleone dichter: Gean op jacht, sykje dyn heil yn it hjir en no en net letter, yn it hjirneimels.

Tsead, kinst dy dêrmei rêde? Wat moat ik fierder skriuwe oer dit nuveraardige fers? Lit my noch in skot weagje.

Tefolle skientme brekt my ûnder de hannen ôf. De flecht fan in do is foar my in estetysk genot. Mei gjin pinne te beskriuwen sa moai. Klaaidowen lykwols, binne poëtyske misbaksels, produkten dy't de geast fabrisearret en dy't mar even it libbensljocht sjogge. Perfoarst net negatyf, hear! Oars soe 'k nea wer in knappe sin op papier sette.

Kear op kear moat de dichtersloop poetst wurde, de 'darlings' (moaie wurden en magistrale sinnen) moatte út it net beslipe gedicht sketten wurde. Se sneuvelje yn in earder stadium.

De mindere goaden krije sadwaande in eareplakje, wurde as 'klaaidowen' út 'e loft sketten.

Dy hûnen apportearje fansels de ferljochte stumperkes, mar bite fuort de tosken stikken.

Miskien bytsto de tosken ek stikken op dizze útlis. It is net oars. Oare kear, yn de lêste brief, kom ik even werom op de hûnen yn myn poëzy.

It liket my wol aardich om in punt te setten achter dizze brief. Dat woe 'k dwaan mei in nij gedicht. Ik bliuw even yn it spoar fan K. Michel:

OFWEAGJE

Wy wolle wat útwikselje  
en prate dit ôf:

Ik krij in ûns fan dyn ferstân  
en do in pûn fan myn grutten.

Akkoart?  
Akkoart.

Wy wikselje ôfwoegen stikjes út.

Do idelteutest oer my.  
Ik sjoch berekkene nei dy.

Wy pankoekje om mei frjemde begripen,  
hânbakke einleas oer in breinkwabbe

en in fear yn 't gat. Datoangeande  
komme wy net fuortdaliks

ta in nij akkoart.

Elmar